

# Genietsje fan wat de taal te bieden hat

„Poëzij ferkeapet net, Fryske poëzij ferkeapet hielendal net. Ast dan dochs poëzij skriuwt, kinst mar better sa orizjineel mooglik wêze.” Wolkom yn de taalwrâld fan Sytse Jansma.

Sietse de Vries

It twatalige *as nomaden yn tinten teplak/als nomaden in tenten terecht* is seis jier nei wa't *tate seit moat ek whisky sizze* de twadde poëzijbondel fan Sytse Jansma.

Yn de fersen tûmelje de wurden sa nuvere assojatyf en sa faak sûnder oanwiisber ferbân oer elkoar hinne dat se – by wa't him in foarstelling fan de dichter besiket te meitsjen – bylden oproppe fan in fantasjirike, gaotyske geast dy't meastentiids fier boppe it deistige libben fan de trochsneed boargerman sweeft.

Yn wurlikheid is Sytse Jansma (1980) skoalmaster yn Dronryp. Njonken poëzij is hurddraven hiel prozaysk ien fan syn grutste passy's. Snein docht er mei oan de rom 16 kilometers tellende Dam tot Dam-loop tusken Amsterdam en Zaandam.

Hy is opgroeid yn Feanwâlden en Froubuorren, mar wennet sûnt 2003 yn Harns. In bewuste kar. „Ik socht de romte fan de see en de histoarje fan de stêd. De skiednis libbet yn Harns, priuwst yn alles de santjinde en achttjinde iuw.”

Syn dichterskip giet werom nei it jier dat er de havo ferruile foar de pabo. De Vijftigers wiene in wichtige boarne fan ynspiraasje. „Jan Hanlo mei 'de mus tjilp tjilp', Lucebert mei syn klanken, doe't ik dat lies, doe't ik seach dat sokke dingen mooglik wiene, dat soks poëzij wie, dat wie sa'n ûntdekking.”

„Ik lies de gedichten fan Lucebert en besocht se te begripen. Dan lies ik se noch in kear en wer begriep ik der neat fan. Oant my letter wat oerkaam of ik wat seach en ik ynienen oan in gedicht fan Lucebert tinke moast. Sa wurket poëzij dus, tocht ik.”

## BYLDEN

It giet by sokke gedichten net om ofst se begrypst, mar hoe't se begrypst. Jansma: „Is de taal auto-noom of is de taal yn tsjinst fan de erfaring fan de dichter? By Obe Postma jildt it lêste. As Postma in boer beskriuwt dy't oan it meanen of terskjen is of it oer de boerinne hat dy't op in hiem yn Surch it gea oerstoarret, wit de lêzer wêr't it oer

giet. Hy hat wol net presys itselde referinsjekader as de dichter, mar hy kin de bylden thúsbrienge. Wa't myn poëzij op deselde manier besiket te lêzen, stuitet op in probleem.”

„Myn poëzij beskriuwt de wurlikheid bûten de taal net, mar giet oer de taal sels. De taal stiet net yn tsjinst fan de wurlikheid. Al lêzende moatst de taal sels folge en erfare

dat de wurden yn in gedicht ûnt-komber binne.”

Hy wit wêr't er oer praat, hy is sels ek in lêzer. „As ik de fersen fan Lucebert op de tradisjonele manier besykje te begripen, slagget dat meast net. Mar ik sjoch wol dat der altyd in relaasje tusken de wurden is. Dat hat de iene kear mei de betsjutting te meitsjen, it kin ek wêze dat se rymje of domwei tichtby elkoar yn it wurdboek steane.”

Dichtsje is foar Jansma in aventoer, in ûntdekkingstocht, folsleine frijheid. „It is in moai kontrast mei myn wurk as skoalmaster. As ik foar de klasse stean, stel ik doelen foar wat ik mei de bern berikke wol en betink ik lessen om dy doelen te berikken. As dichter haw ik gjin doel. Troch de wurden dy't ik skriuwt, sjoch ik iepeningen nei oare wurden en kom ik op hiel oare plakken út as ik fan te foaren oait betinke kin.”

## HARNIS

It is neffens Jansma net tafallich dat de presintaasje fan syn nije bondel op de Willem Barentszwerf yn Harns wie. „Willem Barentsz woe de rûte om de Noard ûntdekke, mar yn stee dêrfan kaam er op Spitsbergen telâne. It brocht him miskien wol mear rom as wannear't syn oarspronklike plan slagge wie, de walfisfeart by Spitsbergen brocht Harns wolfeart en hjoeddedei is Spitsbergen de útfalsbasis foar Nederlânsk wittenskiplik ûndersyk.”

Likemin is it tafallich dat op it troch de dichter sels ûntwurpen omslach de kleur prusysk blau oerhearsket. It iepeningsgedicht ferwiist dêrnei. „Dy kleur is ûntstien doe't in Dútske kleuremakker reade

## BINNEN DE KONTOEREN FAN IT MODEL

*binnen har alabamawarte sône/  
rôlje spieren as losse kavels//  
macht fan myn blanke appalachen/  
ûntbleatet him binnen de kontoeren//  
freesje it lân fan nâlen//  
yn har poaze skûlet rosa parks/  
en har busboykot fan lange halen//  
as balling//  
op papier//  
as alabaamse/  
binnen myn albinowite sône*

ferve meitsje woe fan ossebloed. Troch it korrodearjen waard de ferve net read mar donkerblau. Sa giet it by it skriuwen ek: it resultaat is faak hiel oars as wat myn y earste ynstânsje foar eagen stie.”

Guon gedichten binne allinne taal en ferwize - behalven miskien yn de ynterpretearjende eagen fan de lêzer - net of amper nei de bûtenwrâld. Soms komt it ek foar dat de dichter, lang nei't it gedicht klear is, ferwizingen ûntdekt dy't er der ûnbewust yn lein hat. „Dat binne de moaiste mominten.”

In dichter moat neffens Jansma noait gedichten útlizze wolle, dat is deadlik. Fan ien gedicht wol er wol fertelle wat him op it idee brocht: *Binnen de kontoeren fan it model* (sjoch boppe).

„Foar de keunstopleiding dy't ik folge - ik bin yn 2012 ôfstudearre - moast ik in portret fan in swarte frou meitsje. De frou brocht my Alabama yn it sin, dêrnei folge de albino fan it wite doek dat ik foar my hie, Rosa Parks (de frou dy't wegere om har plak yn de bus oan

in blanke ôf te stean en dêrmei katalysator waard foar de emansipaasje fan de swarten yn Amerika, red.) kaam foarby, de spieren dy't se by har ferset oprôle folgen en dat allegear ynkadere op it doek, 'binnen de kontoeren fan it model'. Ik beskriu it proses fan it skilderjen, dêrmei kom ik de lêzer yn 'e mjitte. Mar oare kearen is it allinne taal. Dat moatst as lêzer akseptearje. Undergean gewoan dat der gjin wurklikheid by heart of kreëar dyn eigen wurklikheid. Genietsje fan wat de taal te bieden hat.”

## FERBÂN

De dichter Sytse Jansma en de skoalmaster Sytse Jansma binne twa folslein oare persoanen, soe men sizze. Dochs binne der mominten dat se ien binne. Yn it gedicht *elk wurd hechtet as in houlik* besiket er it ferbân dat wurden mei elkoar en mei de wurklikheid hawwe troch te snijen.

„Elk wurd hat in relaasje mei de wurklikheid. By it wurd 'stoel' tinke de minsken fuort oan 'tafel' en oan

'meubel'. It wurdt daliks kategorisearre. Ik wol dat wurd út dat hokje helje en it in oare betsjutting jaan. Bern hawwe dêr minder muoite mei as folwoeksenen.”

„Yn de klasse ha't wolris in stoel op 'e kop set en de bern frege: wat is dit? Se mochten it net sizze, se moasten it útbyldzje. Der wie ien dy seach der in kroade yn, dy begûn te kroadzjen. De oare bern moasten dêryn meigean sûnder wurden te brûken. In twadde begûn te skeppen. Bern hawwe wille as se elkoar begripe yn har ferbylding.”

In gedicht dat yn ien kear begrepen wurdt, is neffens Sytse Jansma gjin goed gedicht. In fers moat altyd op mear as ien manier útlein wurde kinne. Hy neamt it gedicht *Slechte knechten* fan H. H. Ter Balkt as foarbyld.

„By earste lêzing miende ik dat it oer in boer gie dy't it lân bewurket en fûteret op syn 'slechte knechten'. Letter ûntdie ik dat er mei dy 'slechte knechten' syn skonken bedoelde. Hy rûn net sa goed. In gedicht dat ynienen in hiel oare betsjutting krijt, soks fyn ik moai.”

Jansma dichtet net allinne, hy makket ek animaasjefilms. Ferline jier ferwurke er ien fan syn fersen – *fallussimmernachten* – yn sa'n film. Hy hat it opstjoerd nei it Rabbit Heart Poetry Filmfestival yn Worcester, Massachusetts en krige krektlyn te hearren dat er dêrmei de finale helle hat.

„De ûndertitels binne yn it Ingelsk, de voice-over is yn it Frysk. Prachtich toch datst mei in Frysk gedicht de finale fan in Amerikaansk festival helje kinst.”



Sytse Jansma, *as nomaden yn tinten teplak/als nomaden in tenten terecht*, Afûk, Ljouwert, 95 siden, 17,50 euro.

[www.sytsejansma.nl](http://www.sytsejansma.nl)



“ In gedicht dat yn ien kear begrepen wurdt, is gjin goed gedicht

Sytse Jansma: „Al lêzende moatst de taal sels folge en erfare dat de wurden yn in gedicht ûntkomber binne.”

FOTO CATRINUS VAN DER VEEN